# De Treffer

## klupblêd fan fuotbalferiening SDS

**jiergong 34 nûmer 7 febrewaris 2004**

| **Redaksje:** | **Adres:** | **tillefoan:** |
|---|---|---|
| Aant Hofstra | Swingoerd 25 , 8731 CV Wommels | 0515-332364 |
| Hinke Kuiper | Skoallestrjitte 52, 8734 GN Easterein | 0515-332727 |
| Durk Okkema | Sjaardaleane 7, 8734 GH Easterein | 0515-333005 |
| Meinte Wesselius | Trekwei 11, 8731 AA Wommels | 0515-332431 |
| Sjoerd van Beem | Molewâl 4, 8731 AD Wommels | 0515-332482 |
| Willem Wijnia | Walperterwei 21, 8731 CC Wommels | 0515-331444 |

| **Bestjoer:** | | **tillefoan:** | **funksje:** |
|---|---|---|---|
| Rienk Wiersma | Itingewei 4, 8735 HT Itens | 0515-332400 | Foarsitter |
| Ymie Kamstra | Monsamabuorren 1, 8844 KT Hennaard | 0515-332149 | Skriuwer |
| Willem Twynstra | De Ljits 1, 8734 HL Easterein | 0515-332570 | Ponghâlder |
| Teake Brouwer | De Omrin 40, 8831 ZD Winsum | 0517-341594 | Materialen |
| Tinus Hoekstra | Skipperbuorren 17, 8734 GT Easterein | 0515-331866 | Wedstriidsekretariaat |
| Dukke v/d Wey | Skoallestrjitte 38, 8734 GN Easterein | 0515-332340 | 2e ponghâlder |
| Jappie Wijnia | De Jister 3a, 8731 EB Wommels | 0515-332245 | Foarsitter jongerein |
| Eddy de Boer | Skippersbuorren 15, 8734 GT Easterein | 0515-331533 | Lede-administraasje |
| Enne Jeh. Bruinsma | De Singel 12, 8734 HR Easterein | 0515-332013 | PR en Reklame |
| Roel Sijbesma | De Singel 17, 8734 HP Easterein | 0515-332186 | Sen. / Technyske saken |

| **Jongereinkommisje:** | | **tillefoan:** | **funksje:** |
|---|---|---|---|
| Jappie Wijnia | De Jister 3a, 8731 EB Wommels | 0515-332245 | Foarsitter |
| Koos Plantinga | De Singel 24, 8734 HR Easterein | 0515-332448 | Skriuwer |
| Tineke Vink | De Singel 30a, 8734 HR Easterein | 0515-333134 | Sekretariaat |
| Pieter Groenveld | ‘t Bosk 18, 8731 BL Wommels | 0515-333927 | Algemien lid |
| Anne Hallema | De Singel 19, 8734 HP Easterein | 0515-332928 | Algemien lid |
| Syb Overal | De Singel 7, 8734 HP Easterein | 0515-331532 | Algemien lid |

**Akkomodaasje:**

Sportpark “De Skoalleseize”, ‘t Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700

| **Fersoarging terrein en materialen:** | | **tillefoan:** |
|---|---|---|
| Andries Stuiver | A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein | 0515-332872 |
| Hans Kooistra | De Singel 9, 8734 HP Easterein | 0515-331560 |
| Sjouke Sjoukema | Hearedyk 55, 8735 HP Itens | 06-25547253 |
| Harm Bergsma | Skoallestrjitte 46, 8734 GN Easterein | 0515-332476 |

**Konsul:**

Pier Faber, ‘t Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

**Bankrelaasje:** 34.95.01.033 Rabobank Bolsward e.o.

**Ferienings nr KNVB:** BB BG 32H

| **Korrespondinsje besoarging Treffer:** | | **Tillefoan:** |
|---|---|---|
| Easterein: | Hinke Kuiper, Skoallestrjitte 52, 8734 GN Easterein | 0515-332727 |
| Wommels: | Fam. Postma, Roede 29, 8731 CT Wommels | 0515-332469 |
| Itens/Hinnaard: | Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens | 06-25547253 |
| Spannum: | Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum | 0517-341532 |
| Winsum: | Sybren Wassenaar, Hege Terp 13 Winsum | 0517-341886 |
| Kûbaard: | Fam. Tichelman, K Ynsesstrjitte 12, 8732 EM Kûbaard | 0515-331883 |
| Oare plakken: | Hinke Kuiper, Skoallestrjitte 52, 8734 GN Easterein | 0515-332727 |

| **Kontribúsje (euro):** | | | |
|---|---|---|---|
| | Senioren fjildfuotbal: | € 49,95 | it healjier |
| | Senioren sealfuotbal: | € 36,05 | it healjier |
| | Senioren fjild- en sealfuotbal: | € 63,85 | it healjier |
| | A- en B-junioren: | € 39,65 | it healjier |
| | C-junioren: | € 33,45 | it healjier |
| | D- en E-pupillen: | € 27,25 | it healjier |
| | F-pupillen: | € 23,65 | it healjier |

foar de jongerein jildt fanôf it twadde gesinslid 20% koarting

## Tagong wedstriden earste âlvetal € 2,-

Foar leden en stipers is de tagong **fergees**.

## Stipers

Stipers fan **€ 12,-** (of mear) yn it jier, krije "de Treffer" fergees. Wurdt "de Treffer" mei de post opstjoerd dan freegje wy in bydrage yn de porti-kosten..

## Klup fan 50

Foar **€ 50,-** yn it jier wurde jo lid. Jo ynlis wurdt brûkt foar de jongerein fan SDS. Dêr tsjinoer stiet dat jo ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd krije en dat jo by kompetysje-wedstriiden fan ús earste âlvetal frij tagong hawwe. Foar neiere ynljochtings kinne jo skilje mei Willem Twijnstra (till. 0515-332570).

## Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden** kinne foar in oanmeldingsformulier en foar neiere ynformaasje skilje mei de skriuwer fan 'e jongereinkomissje, Koos Plantinga (till. 0515-332448).
Aspirant **senioren (fjildfuotbal)** kinne kontakt opnimme mei Roel Sijbesma (till. 0515-332186). Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynleverje wurde.
Aspirant **sealfuotballers** kinne kontakt opnimme mei Roel Sijbesma (till. 0515-332186).
Foar sealfuotballers jildt deselde proseduere as by fjildfuotballers. Omdat sealfuotballers harren foar de wedstriid legitimearje moatte, is ek nog in **pasfoto** nedich.
Oanmelding kin ek digitaal. Neiere ynfoarmaasje is te fynen op: **www.vv-sds.nl**

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

# 22 maart



Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.
Leafst op skiif of oer de E-mail.
E-mail adressen: hof.hol@planet.nl,, meintewesselius@hetnet.nl, willemwijnia@planet.nl, sjoerdvanbeem@hetnet.nl,, kuiper52@vinden.nl,, detreffer@vv-sds.nl, okkema1970@hetnet.nl

## Nije sponsor



side 4

## Samme fisket



side 26

## Feesttinte?



side 29


**Fan de redaksje** ..... 3
**Fan it bestjoer** ..... 3
**Samar in wedstriid** ..... 4
**De Skoalleseize** ..... 5
**Nijlân út Easterein??** ..... 5
**It ljocht op in nije sponsor** ..... 6
**Ald5praat** ..... 7
**Standen futsal 20 febrewaris 2004** ..... 8
**Topskoarders futsal SDS 1** ..... 8
**Fan de skeids** ..... 9
**Wat neist it fuotbal** ..... 10
**Kenniskwis 2004** ..... 11
**Doelpuntenmakkers** ..... 13
**Sibe de Seefûgel (52)** ..... 14
**Oan it wurd** ..... 15
**Standen (en yndelingen) per 20 febrewaris 2004** ..... 17
**Ut de âlde doaze** ..... 20
**“F-pupillen SDS domineren op Greidhoeke tournooi”** ..... 21
**“Vrienden van SDS F1 verrassen vriend en vijand”** ..... 25
**De wedstriid** ..... 27
**Trefferkes** ..... 28
**Aginda** ..... 31

## Fan de redaksje



Al mei al haw ik persoanlik in best winterskoft hân. Mei it sealfuotbalteam wûnen wy de Midwintercup yn it FEC en foar twa wiken werom wûn ik ek noch de Kenniskwis. Wat wolle je noch mear? Gau wer fuotbalje fansels en moai waar. Der binne ommers noch folle mear prizen te heljen en dat plakboek fan 2004 moat fol. SDS 1 en 2 en ek de sealfuotballers fan SDS 1 stean noch altiten boppe-oan en it waar kin allinne mar better wurde.Neffens my is der dus foar eltsenien genôch reden om nocht yn de twadde helte fan it seizoen te hawwen en om my mei sy dy feesttinte wol fêst bestelle. (WW)

## Fan it bestjoer



Er is mij gevraagd een stukje te schrijven voor de Treffer, terwijl ik hier mee bezig ben, vliegen de hagelstenen tegen de ramen. Bepaald geen voetbal weer. Naar het zich laat aanzien kunnen de schaatsen dit jaar wel in het vet blijven. Gezien de hoeveelheid regen zullen er wel een aantal oefen- en inhaalwedstrijden worden afgelast.
De eerste wedstrijd van A1 tegen Rood – Geel in Leeuwarden werd verloren met 1-3 en de tweede wedstrijd tegen Dio – Oosterwolde werd een gelijk spel behaald in Easterein , een paar seconden voor tijd werd de gelijkmaker door de tegenstander gemaakt, ze zullen het wel moeilijk krijgen om zich in de hoofdklasse te handhaven , maar op karakter is veel mogelijk en we blijven jullie met heel veel belangstelling volgen. S.D.S won moeizaam met 1-0 van De Sweach en heeft daarmee haar kop positie in de derde klasse verstevigd S.D.S 2 heeft de uitwedstrijd tegen Nijland met 3-2 gewonnen. B1 heeft thuis gelijk gespeeld tegen Makkum met 4-4 over het algemeen zijn we niet slecht begonnen na de winterstop.
De zaal toernooien voor de jeugd zijn weer gespeeld in de kerstvakantie en naar horen zeggen was dit weer een succes.
De nieuwe voorjaarscompetitie is bekend, als het goed is hebben alle elftallen hun nieuwe lijsten van hun leiders gekregen.
Voor D2 is een snoepreisje naar Ameland in deze competitie erg leuk, hopelijk met wat mooi weer, want dit maakt de boottocht ook aangenaam. Ook zullen voor deze reisjes wel weer wat ouders worden ingeschakeld, als begeleiding. Nou ook nog een goed voetbalresultaat dan is de pret kompleet.

Onlangs is een van onze sponsors door brand getroffen, de firma Allicht in Sneek op het Oude Kerkhof is volledig uitgebrand, maar heeft het Licht weer aangedaan op de Oude Koemarkt 69 in Sneek .
We wensen hun weer veel succes bij de opbouw van hun nieuwe zaak.
Voor dit komende seizoen wens ik iedereen veel voetbalplezier toe op en rond het veld. T.B.

# Samar in wedstriid

**SDS B1- Makkum B1**
op sneon 14 febrewaris 2004

Opstelling:
Doel: Korné Boekholt
Efter: Douwe de Boer, Andrew Feyten, Bauke Dijkstra, Jehannes Abma,
Midden: Feiko Broersma, Ralph Wariman, Redmar Strikwerda
Foar: Paul de Boer, Jelmer Posthumus, Pytrik Hiemstra
Wiksels: Malcolm Feyten en Freddy Leistra

Lieder Tjeerd Dijkstra joech foar de wedstriid al oan dat hy net goed wist hoe it der foar stie. Alle ynplande oefenwedstriden wiene net trochgien.
Tsjin Makkum B1, ek in ploech wêrfan je net wisten wat je der oan hiene, begong SDS goed. In oanfalspul hie fariaasje en de passing wie goed. It wie dan ek fertsjinne dat SDS B1 op in 1-0 foarsprong kaam. De rochter kant fan SDS, dy't yn it begjin prima funksjonearre, mei Douwe de Boer, Paul de Boer en Raplf Wariman setten in prima oanfal op en Jelmer Posthumus ronde de foarset goed ôf mei de holle.
It like op dat stuit prima en de kans wie grut dat it 2-0 wurde koe. Dochs kaam it oars. Douwe de Boer ferdigene net goed út en Makkum strafte dat gelyk goed ôf. Fanôf dat momint waard it spul fan SDS ûnrêstich. De bal gie net lekker mear fan foet nei foet en it wie oppassen foar de Makkumers.
It doelpunt wat SDS noch foar de thee makke, kaam dan ek wat út de loft fallen. In prachtige frije traap fan Feiko Broersma soarge foar 2-1.

Nei de thee mei hieltyd mear mist, ferliet Redmar Strikwerda it fjild en kaam Malcolm Feyten der yn. Makkum hie yn de gaten dat SDS net seker fan de saak wie en sy setten druk. Doelman Korne Boekholt koe earst noch goed rêde mar moast gelyk dêrnei de 2-2 wol tastean.
SDS kaam lykwols dêrnei wol wer op in



foarsprong troch al wer in frije traap fan Feiko Broersma. Mei noch minder as 10 minuten te spyljen like it 3 punten op te leverjen foar SDS.
Mar in wedstriid duorret 80 minuten (foar de B-s) en yn de lêste tsien minuten barde der noch fan alles.
Earst waard it 3-3 en fuort dêrnei like Makkum mei de winst nei de Holle Poarte te gean.(3-4) Krekt foar de ein wie it alwer Feiko Broersma dy mei in skot fan grutte ôfstân de 4-4 noch oantekene.
De lêste minút gyngen beide ploegen noch wol foar de winst, mei alle risikos dy't dat meibringt, mar skoord waard er net mear.
In enervearende wedstriid mei foar beide ploegen dochs noch in punt.

(AH)

# De Skoalleseize

Bestuurswisselingen binnen de stichting de Skoallesieze.

Per 1 januari j.l. hebben Willem Twijnstra en Gerlof Gerlofsma het bestuur verlaten.
Willem na een periode van meer dan 15 jaar en Gerlof van 5 jaar.
Beide heren werden bedankt door de voorzitter in de laatste vergadering.
Willem als penningmeester en beheerder van het ‘bakje’en Gerlof als verantwoordelijke voor de gebouwen.
Gelukkig hebben we weer mensen kunnen vinden voor de ontstaande plekken.
Het bestuur ziet er dan ook weer als volgt uit:
Voorzitter Feike Jorritsma
Penningmeester Fedde Wiersma
Secretaris Fedde Wiersma (tot 1-5-04)
Velden Tom Couperus
Kantine Douwe Reitsma
Gebouwen Abe Jan Stegenga
Secretaris (per 1-5-04) Marco Hoekstra

Dit betekend dat het ‘bakje’ook gaat verhuizen. Overdacht moet nog plaatsvinden maar tzt komt dat in handen van Fedde.
Na jaren (zaterdagmorgen) niet meer naar de Ljits nu naar de van Eysingaleane.
Ook vanaf deze plaats Janke bedankt.

Bestuur
St. De skoalleseize.

# Nijlân út Easterein??

Wy krigen wer in opmerklik nijtsje út it Friesch Dagblad. Yn it wedstriidferslach fan Nijlân-Trynwâldster Boys stie it folgende:



Knickerbockers.

**Nijland – Trynwâldster B. 1-0**

Bij Nijland is er weer volop vertrouwen na de nipte zege op Trynwâldster Boys. Het geeft de ploeg vooral moed dat iedereen weer fit is. Daardoor bezit Nijland genoeg kwaliteit om langzaam uit de gevarenzone te kruipen. De rode lantaarndrager kampte voor de winterstop met veel blessures en miste bijna het gehele middenveld. Johan Eppinga, Gert Koolmoes en Elmer Woudstra zijn inmiddels weer hersteld en waren eindelijk alledrie weer van de partij. Johan Eppinga was de grote man bij de ploeg uit de Easterein; hij maakte al na twee minuten de enige treffer.

Wieger Boonstra raakte na rust nog de paal namens de thuisclub. Bij de gasten trapte Willem Vis na op invaller Douwe Posthuma en hij kreeg voor die actie de rode kaart van scheidsrechter Sieb Hoekstra uit Jutrijp. Trainer André Semplonius, die na dit seizoen vertrekt naar OVC, zal worden opgevolgd door Rob Bosch uit Marum.

Bron: Friesch Dagblad

It liket my dúdlik dat de journalist fan dit deiblêd mear sjoen hat by de wedstriid dy nêst Nijlân-Trynwâldster Boys spile waard. Hjir spile namelik SDS 2 tsjin Nijlân 2.

(Mei tank oan Jan van Asselt)

# It ljocht op in nije sponsor

**Het Makelaarsbastion, nije sponsor SDS.**
SDS hat yn it winterskoft wer in nije sponsor oanlûke kinnen. Miskien hawwe jimme it reklameboerd al sjoen. It is it makelaarskantoor fan âld-prof-fuotballer Geert Jelle de Vries út Skearnegoutum. Hy spile û.o. by SC Heerenveen en SC Cambuur en spilet no by sneins-haadklasser SC Joure. Hjirûnder stelt hy him en syn kantoar efkes foar:



*Het Makelaarsbastion is een startend makelaarskantoor, opgericht door makelaar/taxateur **Geert Jelle de Vries(zie foto)**. Als voormalig prof-voetballer bij Sc Heerenveen en Cambuur Leeuwarden is er een sterke band met het friese voetbal, de keuze om voetbalclubs zoals SDS te steunen is dan ook een logisch gevolg.*

*Het Makelaarsbastion richt zich met name op dorpen rondom Sneek en Bolsward, zoals o.a. Scharnegoutum, Nijland, **Wommels en Oosterend**. Om een aan- of verkoop voorspoedig te laten verlopen is **deskundige begeleiding** onontbeerlijk, deskundigheid is bij ons aanwezig om u optimaal van dienst te zijn. Bent u van plan om een woning aan te kopen, of om uw woning te verkopen, dan zullen wij u op een vakkundige en doeltreffende manier van dienst zijn, waarbij persoonlijk contact en **persoonlijke aandacht** centraal zullen staan.*

***Het Makelaarsbastion wenst SDS veel sportief succes** en bent u benieuwd naar wat wij voor u kunnen betekenen, neem dan gerust contact met ons op.*

*WWW.MAKELAARSBASTION.NL*

***Telefoon: 0515 560599***
***Fax : 0515 560270***




It nije reklameboerd by de kantine

# Ald5praat

It sa moai wêze kind, dizze moanne. In pear oefenje en dan wer striidber de kampetysje yn.

Oefenje tsjin Oudega koe twa kear net troch gean. Lokkich koe der dan dochs noch 3 dagen foar de kompetysje in oefenwedstriid ôfwurke wurde tsjin de veteranen fan Noardburgum.

**We saw the light**

Woansdei 18 febrewaris setten 3 auto's fol fuotballers fan SDS 5 de neare nacht yn. Op wei nei de ljochtmesten om it fjild fan Noardburgum.

Dy klup hie goede herinnerings oan ús en wy mochten dan ek as tsjinstanner optrede tsjin in geweldige ploech.

In oantal jonge wichten rôpen ús fan te foaren al ta dat er noch nea immen mei de punten it sportpark ferlitten hie en ek wy moasten konstateare dat it net slagge wie.

It wie ek efkes wenne: it ljocht, de temperatuer (it wie suver de kâldste jûn dizze winter) en de bal. Want dy bal die de dingen oars as at wy bedoelden. Mei oare wurden der wie noch net echt balgefoel.

Nei amper 5 minuten spyljen stiene wy dan ek al efter. Noardburgum sette noch wol efkes oan mar doelman Jappie Wijnia koe it mei fangen ôfdwaan, mar stadichoan kaam SDS 5 better yn it spul.

Der kamen ek goeie kansen nei minstens sokke goeie oanfallen. In djiptebal fan Sipke hie by Ype foar de fuotten komme kind, mar de eare fan in doelpunt waard him net gund. De ferdigener fan Noardburgum skoorde yn eigen doel. Nei ôfrin hawwe wy him gelyk in kontrakt oanbean want sokke moaie doelpunten meitsje ús spiten hast nea.

By it skoft wie it dan ek 1-1. Nei de thee waarden der in oantal flaters makke dy't gelyk ôfstraft waarden. Mei 3-1 efter besochten wy it noch wol, mar de doelman fan de tsjinstanner die goed mei.

Neidat de brûs ús wer opwaarme hie (allinne Jelle hie it net kâld) koene wy wer efkes yn de kunde komme mei âlde bekinden. Foaral Ype liket dêr nei twa besites al hiel populair te wurden. Mei in lekker stik rollade by de buorrel waard let op de jûn de auto's wer opsocht.

In nuttige oefenpot by in leuke klup.

**Lucht.**

Lieder Ids Boersma wie der foar de wedstriid net hielendal gerêst op, at elkenien wol goed oerwintere hie.

De ballen wiene ek lange tiid net brûkt en dat ûntlokte him ta de folgende útspraak: Ik hoop dat jim mear lucht hawwe as at der yn de ballen sit.

**Kjeld**

It wie echt kâld yn Tytsjerksteradiel. Mar de bikkels fan SDS woene it net witte fansels. Op ien nei. Wa hat sokke moaie kûten.



(AH)

# Standen futsal 20 febrewaris 2004

## SDS 1 - 2e Klasse B

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| **1SDS 1** | **18** | **48** | **95-** | **40** |
| 2WZS 1 | 17 | 39 | 128 - | 60 |
| 3Ens 1 | 19 | 32 | 90 - | 78 |
| 4Urk zvv 3 | 16 | 29 | 106- | 60 |
| 5Workum 2 | 17 | 29 | 69- | 60 |
| 6Flevo Boys 1 | 18 | 29 | 95- | 71 |
| 7ZVVS 2 | 16 | 26 | 85- | 58 |
| 8RES 1 | 1721* | | 81- | 72 |
| 9Renado 1 | 16 | 16 | 53- | 95 |
| 10Genemuiden SC 1 | 17 | 16 | 61- | 96 |
| 11Espel 1 | 17 | 2 | 51- | 120 |
| 12Lemsterland 3 | 161* | | 45- | 149 |

## SDS 2 - 4e Klasse AD

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1RES 3 | 14 | 36 | 88- | 48 |
| 2CommeCi CommeCa 4 | 15 | 36 | 94- | 51 |
| 3Workum 7 | 16 | 34 | 101- | 58 |
| 4Friesland College 5 | 17 | 34 | 119 - | 83 |
| 5Workum 6 | 17 | 24 | 80- | 90 |
| 6NTW 2 | 16 | 21 | 81- | 94 |
| 7MKV'29 2 | 17 | 21 | 74 - | 90 |
| **8SDS 2** | **13** | **17** | **63-** | **66** |
| 9Friesland 6 | 13 | 13 | 66- | 77 |
| 10Avanti 5 | 14 | 10 | 53- | 93 |
| 11Read Swart 1 | 12 | 8 | 43- | 59 |
| 12Bolswardia 3 | 12 | 1 | 50- | 103 |

# Topskoarders futsal SDS 1

| | Wk 1 | Wk 2 | Wk 3 | Wk 4 | Wk 5 | Wk 6 | Wk 7 | Wk 8 | Wk 9 | Wk 10 | Wk 11 | Wk 12 | Wk 13 | Wk 14 | Wk 15 | Wk 16 | Wk 17 | Wk 18 | Wk 19 | Wk 20 | Wk 21 | Wk 22 | Totaal |
|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|
| Peter | 1 | 2 | 3 | 3 | 3 | 3 | 1 | 2 | 1 | 0 | 0 | 1 | 2 | 1 | 0 | 0 | 3 | 1 | 0 | 0 | 0 | 0 | 27 |
| Harm | 0 | 1 | 0 | 2 | 1 | 2 | 4 | 1 | 0 | 1 | 0 | 2 | 1 | 2 | 0 | 1 | 1 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 19 |
| Willem | 1 | 0 | 2 | 0 | 0 | 0 | 0 | 2 | 0 | 1 | 0 | 2 | 3 | 0 | 0 | 0 | 0 | 1 | 0 | 0 | 0 | 0 | 12 |
| Feite | 0 | 0 | 1 | 1 | 0 | 1 | 5 | 0 | 1 | 0 | 0 | 0 | 0 | 1 | 0 | 0 | 1 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 11 |
| Robert | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 2 | 0 | 2 | 0 | 1 | 1 | 1 | 1 | 1 | 2 | 0 | 0 | 0 | 0 | 11 |
| Tsjipke | 1 | 0 | 0 | 0 | 2 | 1 | 1 | 0 | 0 | 0 | 0 | 1 | 0 | 0 | 0 | 0 | 1 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 7 |
| Skelte | 0 | 0 | 0 | 2 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 2 | 0 | 0 | 0 | 0 | 1 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 5 |
| Anne | 0 | 0 | 0 | 0 | 1 | 0 | 1 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 2 |
| Eigen goal | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 1 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 1 |
| Jan Simon | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 |
| Jeroen | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 | 0 |
| Goals: | 3 | 3 | 6 | 8 | 7 | 7 | 12 | 5 | 4 | 4 | 2 | 6 | 7 | 6 | 2 | 2 | 7 | 4 | 0 | 0 | 0 | 0 | 95 |
| Tegenstander: | Flevo Boys | Ens | WZS | Genemuiden | Workum | Lemsterland | Espel | RES | Urk | ZVVS | Flevo Boys | Ens | WZS | Genemuiden | Workum | Espel | Lemsterland | RES | Renado | Urk | ZVVS | Renado | |

## Resterende programma SDS 1 Futsal:

| | | | |
|---|---|---|---|
| 03-03-04 | 21.00 uur | SDS 1 – RENADO 1 | De Greidhoeke, Easterein. |
| 10-03-04 | 20.30 uur | URK zvv 3 – SDS 1 | De Schelp, Urk. |
| 17-03-04 | 21.00 uur | SDS 1 – ZVVS 2 | De Greidhoeke, Easterein. |
| 31-03-04 | 19.00 uur | RENADO 1 – SDS 1 | Doniahal, Sint-Nyk. |

# Fan de skeids

(troch Douwe D. Reitsma)

Deze keer een scheidrechters-kenniskwis.

**1. Kan een scheidrechter op zijn beslissing terugkomen?**

A: Dat mag hij altijd doen.
B: Dat mag hij alleen doen als het spel nog niet is hervat en er niet voor rust of einde wedstrijd is gefloten.
C: Dat mag hij alleen doen als het spel niet is hervat en er niet voor einde wedstrijd is gefloten.
D: Dat mag hij nooit doen.

**2. Wanneer is de tijd verstreken?**

A: Als het eindsignaal klinkt.
B: Als de tijd op het horloge van de scheidsrechter verstreken is.
C: Als de rijd op het horloge van de scheidsrechter verstreken is, maar hij moet wel de uitwerking van een vrije schop of hoekschop afwachten
D: Als de tijd op het horloge van de scheidsrechter verstreken is, maar hij moet wel de uitwerking van een aanval op het doel afwachten.

**3.Een aanvaller weet met de bal onder controle de laatste verdediger te passeren en gaat recht op het doel af. De doelverdediger rent nu zijn doel uit en brengt de aanvaller in het strafschop gebied op onbesuisde wijze ten val. Wat beslist de scheidsrechter?**

A: Een strafschop en een waarschuwing door het tonen van de gele kaar voor de doelverdediger.
B: Een strafschop en het wegzenden van de doelverdediger door het tonen van de rode kaart.
C: Een strafschop en een vermaning voor de doelverdediger.
D: Een strafschop

**4. Terwijl het spel zich op het middenveld ontwikkelt, kijkt de scheidrechter om en ziet dat in het strafschopgebied van partij A een verdediger een aanvaller slaat, die ook binnen dit gebied staat. Hoe reageert de scheidsrechter?**

A: Hij zendt de verdediger van het speelveld door het tonen van een rode kaart en hervat het spel met een strafschop tegen partij A.
B: Hij zendt de verdediger van het speelveld door het tonen van een rode kaart en hervat het spel met een scheidsrechtersbal op de plaats waar de verdediger de aanvaller sloeg.
C: Hij zendt de verdediger van het speel veld door het tonen vaneen rode kaart en hervat het spel met een scheidsrechtersbal op de plaats waar de bal was toen de scheidsrechter het spel onderbrak.
D: Hij zendt de verdediger van het speel veld door het tonen van een rode kaart en hervat het spel met een directe vrije schop tegen partij A op de plaats waar de bal was toen de scheidsrechter het spel onderbrak.

**5.Welke straffen staan er voor het spuwen naar een medespeler?**

A: Directe vrije schop + een waarschuwing door het tonen van de gele kaart.
B: Directe vrije schop + het wegzenden door het tonen van de rode kaart.
C: Indirecte vrije schop + een waarschuwing door het tonen van de gele kaart
D: Indirecte vrije schop + het wegzenden door het tonen van de rode kaart.

**De antwoorden staan bij de Trefferkes.**

# Wat neist it fuotbal

Sipke Hiemstra stiet bekind as in warber frijwilliger op de Skoalleseize. Wat de measte minsken net fan him witte, is dat er, yn de inkele oerkes die't er oer hat, graach in boek iepen slacht. Sa hat er in hast komplete sammeling fan de serie 'Readers Digest'.

As ik de huslike keamer fan fam. Hiemstra ynstap en plak nim oan de itenstafel, falt myn each op in kast die't fol stiet mei boeken. Je kinne der ek net omhinne, want it binne in hiel soad.
San 220 boeken ut de 'Readers Digest' rige.
It mei dudlik weze dat Sipke dizze boeken sparret en op 2 nei binne se allegearre yn syn besit. It earste boek ut de rige is fan 1958 en oant no ta komt der eltse 3 moanne in nijen ut.
De boeken besteane ut fjouwer gearfettings fan bekinde skriuwers, meast amerikaanse of ingelske en inkeld in hollander. Ynstee fan in boek fan 400 siden, lest no in gearfetting fan likernoch 200 siden en wist like folle. It genre bestiet ut; avontoer, alles wat derby komt en romans.

It lezen sit Sipke al fan jongs of oan yn it bloed. 'in famylje trek'.
' Op jierdeis wie der nea in moaier kadeau as in boek'.
Sipke hat gjin abonnemint op 'Readers Digest'.
'Dat is te simpel, ik mei graach sammelje en sneupe. Boppedat binne se ut twadde han gans goedkeaper.'
Buten de 220 al neamde boeken, hat Sipke ek noch san 100 dubbele eksemplaren. Dizze hat er opdien tiidens syk aksjes nei de untbrekkende 2 en krigen fan minsken die't witte dat er sammelt.
Sa is der ek it ferhaal fan in frou op in rommelmerke, die't allinnich har hiele doaze mei 40 boeken ferkeapje woe, ynstee dat Sipke der in pear utsocht.
Tsja, sa komme je dus oan in protte deselde boeken.
Ek in moai ferhaal is die kear dat, doe't Sipke wer ris in advertinsje op internet setten hie, ien fan de reaksjes ut Easterein kaam, fan nije bewenners die't ek wat mei 'Readers Digest' hiene, sa koene se moai efen meiinoar yn de kunde komme.

Sa as earder al neamd, binne der 2 boeken die't Sipke noch net hat, mar al hiel graach taheakje wol oan syn no al yndrukwekkende sammeling.
It giet hjir om;
Diel 22 (6 nov. 1963) mei u.o it boek 'Bacterienjagers' fan Paul de Kruif.
Diel 25 (1 aug. 1964) mei u.o it boek 'in een notedop naar de vrijheid'.
Dus minsken, sjoch om jim hinne en les der net oerhinne!




Dit is it febrewarisnûmer fan Reader's Digest

(svb)

# Kenniskwis 2004

Foar wa’t ynternet folge hat, foarôf efkes in koarte útlis. Freddy Scheltema is in echte fuotbalkennerjunk. Hy is net de ienige hjir yn de buert. Sokke junken dy dage elkoar regelmjittich út, se bestoke elkoar faak mei fragen en fiele harren de besten. Mar wa wit no alles it beste. Mei oare wurden: wa is de fuotbalprofessor fan SDS fan 2004? Oankundigen op ynternet feroarsaakte alhiel wat diskusje. Mar de echte test dy wie op tongersdei 12 febrewaris yn de kantine fan de Skoalleseize.




**In ferslach:**
Om goed healwei njoggen oere slûpe de earste kandidaten binnen. Fansels nimme se sa as gewoan nei it trainen in bierke,mar it tempo leit folle leger as gewoan. It oantal útstapkes nei it húske is dêr tsjinoer folle talriker. Senuwen?!
Fred en Aant, mei help fan Theo en Stoffel rjochtsje de seal yn. Kandidaten tichtbyelkoar en in jiske pantsje foar Robert en Willem op de tafel. Skoreboerd, papier, stiften, in bierke en fragen: alles leit om healwei tsienen klear. Underwilens binne alle traningen dien en komme belangstellenden nei de kantine. At Kees Jansen syn opstelling foar sneon klear hat, kin it los.
Aant en Fred sketse yn koart efkes it ûnstean fan dit idee: Fred syn holle, it Fec en Aant syn entoesjasme Aant begjint mei wat filosofisch geeamel troch in Franske tinker te sitearen: “De dingen dy’t men it beste wit, binne net de dingen dy’t men leard hat” en in Dutsk sprekwurd oan te heljen “Elkenien soe in professor wêze at kennis deryn gong as bier”
Fred hat it oer in ûnsinnige kwis omdat it giet oer de meast ûnsinnige ynformaasje dy’t folslein ûnnedich yn de harsessellen bewarre bliuwt by sommigen en wierskynlik in protte romte ynnimt. Nei dizze opbeurende wurden kin de striid los barste om de prachtige trofee dy’t Atty Scheltema makke hat. De kandidaten wurde op orisjinele en eigen wize nei foaren ropt en kinne mei in bierke yn de hân los.
De earste ronde, mei foar elkenien 5 fragen, levert gelyk al in kopgroep op: Wichard mei 4 en Willem mei 3 punten. Durk siket plak yn de middenmoat mei 2 punten en Robert (1) en Pieter (0) hawwe te let yn de gaten dat it al begûn is.
Ronde twa levert twa punten op by in goed antwurd en it is allinne Wichard dy’t syn fraach goed hat en mei 6 punten dus stevich oan de lieding komt.



By ronde 3 mei wat gokjes oer útspraken fan fuotballers en trainers sit it Robert net tsjin. Hy skoort 3, wylst Durk en Willem mei 2 punten wat minder gokgelok hawwe. Wichard lit it wat sitte en Jan wachtet noch altiten op syn earste punt.
Mei in tuskenstan fan Wichard 7 , Willem 5, Robert 4, Durk 4 en Pieter (0) is de 4de ronde beslissend foar it heljen fan de finale want der kinne mar 2 fierder. De ferbazing yn it publyk is grut by de 4de ronde omdat dan bliken docht dat de meast ûnsinnige ynformaasje troch de hearen bewarre wurdt. Want om no noch te witten wa't de 4de strafskop mist hat yn 2001 yn de wedstriid fan Feyenoord tsjin PSV is dochs absurd. En wa waard troch in earmtakke groggy slein troch Jan Wouters yn in wedstriid tsjin Volendam? En wa makke in swiere oertreding tsjin Tigana yn in Europacupwedstriid Bordeaux – PSV?
Grutte bewûndering wie der foar Willem dy't yn dizze ronde 15 punten skoorde, mar ek foar Pieter dy't mei 9 punten skitterend werom kaam.
Foardat de finale begjinne soe, wie der efkes tiid om it dekor om te bouwen en de kielen efkes te smarren. De tap moast iepen (en dat is unyk op tongersdei) omdat de fleskes oprekken. De finale mei 15 fragen koe begjinne. Theo de Jong hat in geweldich apparaat makke wêrby by earst drukke de lampe brânen giet en de fraach beandere wurde koe. By in ferkeard antwurd (meastal te betiid drukken) gie der in punt ôf.
Wichard, bekind om syn entoesjasme, waard sels de dupe fan syn entoesjasme. 4 goeie antwurden, mar twa kear ferkeard leverde dus 2 punten op. Willem wie minder flitsend mar skoorde wol 3 punten. Boppedat spile hy it spultsje taktysk út en joech Wichard alle gelegenheid by te kommen.
Om goed 11 oere koe Wichard Willem de hân jaan en him lokwinskje. Fred die dat ek mei it oerlangjen fan de trofee en Wichard mocht mei in boek fan Maradonna werom nei Wommels.
Der waard noch lang neipraten, neikaarten, neidarten en neidronken.
Te hearren om reaksjes moat dit seker nochris plakfine. Fred en Aant hawwe it mei nocht dien dus is it net útsluten dat takem jier op de nijjiersresepsje der in nij spektakel ûntstiet.
En och wa wit is der nochris in leuk idee om op in tongersdeitejûn wat te organisearen.
(ah)



# Doelpuntenmakkers

Sûnt de lêste melding yn de Treffer is der net folle feroare. SDS 2 en SDS 1 hawwe in oantal wedstriden spile en dat hat wol wat doelpunten oplevere.
Marco Ottens en Hendrik de Jong dogge in oanfal op de posysjes fan Knabbel en Babbel. Henk Postma is de meast prodyktive spiler nei de winterstop. Hy skoorde al 4 kear.
Totaal binne der no 164 doelpunten makke troch 48 ferskillende spilers. Ien eigen doelpunt koene wy optekenje. De standen steane alle wiken ek bywurke op www.vv-sds.nl by de rubryk senioren

| | namme | SDS | oantal |
|---|---|---|---|
| 1 | Eddy de Boer | IV | 12 |
| 2 | Marco Ottens | I | 9 |
| 3 | Ype Tiemersma | V | 9 |
| 4 | Hendrik de Jong | I | 8 |
| 5 | Pieter Kamstra | II en IV | 7 |
| 6 | Frans P. Terpstra | IV | 7 |
| 7 | Robert Sijbesma | I en II | 6 |
| 8 | Harm A.Dijkstra | II | 5 |
| 9 | Henk Postma | II | 5 |
| 10 | Roel Sybesma | III en V | 5 |
| 11 | Gerard Posthumus | III enV | 5 |
| 12 | Jeroen Hoek | IV | 5 |
| 13 | Klaas Okkema | V | 5 |
| 14 | Durk Yde Sjaarda | I | 4 |
| 15 | Floris Hiemstra | I | 4 |
| 16 | Peter Kusters | III | 4 |
| 17 | Anne Stenekes | I | 3 |
| 18 | Harm Stremler | I | 3 |
| 19 | Stefan v Krimpen | II | 3 |
| 20 | Rinse Joustra | IV | 3 |
| 21 | Gerlof Veldstra | IVenV | 3 |
| 22 | Ids Boersma | V | 3 |
| 23 | Jacob Plantinga | V | 3 |
| 24 | Willem Tjalsma | V | 3 |
| 25 | Gert Jan Hiemstra | I | 2 |
| 26 | Tsjipke K Okkema | I | 2 |
| 27 | Skelte Anema | I en II | 2 |
| 27 | Donny Okkema | II | 2 |
| 27 | Willem Wijnia | II | 2 |

| | namme | SDS | oantal |
|---|---|---|---|
| 29 | Rene Velzen | IV | 2 |
| 30 | Wilco Overal | IV | 2 |
| 31 | Bertus Bootsma | IVenV | 2 |
| 32 | Aant Hofstra | V | 2 |
| 33 | Feite de Haan | I | 1 |
| 34 | Dennis Dijkstra | II | 1 |
| 30 | Gerrit Hingst | II | 1 |
| 31 | Jos Zonderland | II | 1 |
| 32 | Anco Elgersma | III | 1 |
| 33 | Arjan Posthumus | III | 1 |
| 34 | Friso Albada | III | 1 |
| 35 | Jan Stenekes | III | 1 |
| 36 | Jentsje Jorritsma | III | 1 |
| 37 | Lieuwe Meyer | III | 1 |
| 38 | Marco Hoekstra | III | 1 |
| 39 | Bas de Haan | IV | 1 |
| 40 | Ivo Donath | IV | 1 |
| 41 | Jan Keuning | IV | 1 |
| 42 | Klaas Malda | IV | 1 |
| 43 | Pieter L. vd Valk | IV | 1 |
| 44 | Rudy Dijkstra | IV | 1 |
| 45 | Tsjalling Hoekstra | IV | 1 |
| 46 | Wouter Hylkema | IV | 1 |
| 47 | Folkert R. Vellinga | V | 1 |
| 48 | Sipke Hiemstra | V | 1 |

# Sibe de Seefûgel (52)



Warskôging

Wy fûgels hawwe begrutsjen mei minsken. Om tal fan redenen. De wichtichste reden is it feit dat minsken yn huzen wenje moatte en dêr mei in flinke hypotheek lang oan fêst sitte. Huzen,dêr giet it dan ek in protte oer by minsken.
By fûgels leit dat oars. Wy sykje sa yn de maitiid in leuk plakje út, freegje by Jelle earst net om in bouwfergunning, skeakelje ek gjin projektûntwikkelder yn en tinke alhiel net oan in hypotheek.
Wy hawwe ek begrutsjen mei minsken omdat dy by it ferpleatsen fan A nei B bûn binne diken, paden en reden.
Tige yngewikkeld allegear en je kinne allinne mar fêste stelle dat wy as fûgels it net sa min troffen hawwe.
Sa't jim witte bemuoi ik mei fierder net tefolle mei it minskelibben, want dêr krij ik grize fearren fan.
Dochs is it soms goed minsken te warskôgjen omdat se sels net sjogge wat fan leed der kommende wei is.
It giet om al dy mâlichheden dy't se yn Wommels betinke en útfiere wolle.
Earst sjoch ik minsken oan it mjitten yn it lân hjir deun by Skrok. Neifraach wiisde út dat der plannen binne foar in dyk flakby de fûgelhutte oan it Swynzerpaad. No moat it net mâlder. Moatte wy as fûgels wer wike foar dy smoarge stjonkende auto's dy't sanedich net mear troch Wommels ride meie. Lit dy Eastereinders dan mar wat mear fytse.
Dan sjoch ik samar ynienen in tekening mei nije Freulewenten derop. Op it fuotbalfjild fan Wommels. Se pike dêr in hiel strafskopgebiet yn om noch mear âlde minsken nei Wommels te krijen.
De fiver moat ticht, de fisken dus dea en de bal kin der nea wer yn rolje. Freeslik.
As tredde sjoch ik ynienen in tekening fan allegear apparteminten op it plak fan it swimbad. Ik wist net dat it swinbad tichtgie, de makker fan de tekeningen wist it ek noch net en by de gemeente witte se it fansels al hiel lang, mar hiene se in moaie tekening nedich om te ferkeapjen oan jim as minsken.
En sis no net dat er noch in stikje grien oerlitten is foar it swimbad. Dêr traapje jim dochs net yn wol, dat is it plak wêr't dy appartemintbewenners harren hûn útlitte moatte.
Dêrom no de moraal fan dit ferhaal. SDS-ers, bestjoersleden, supporters: ik moat jim warkôgje. Want foar jim it yn de smizen hawwe is de sporthal yn Easterein mei de grûn gelyk makke, is de kantine in wyksintrum, de kontainer in hinghok foar de jeugd , de klaaiboksen in sportskoalle, steane der op it haadfjild 24 twa ûnder ien kap wenningen, is it B-fjild ferparten yn trije rynske kavels en is it trainingsfjild útgroeven ta fiver.
Stel je ris foar dat al dy swiere tegels dy't no hast allegear te plak lizze der mei in kraan en noch in kraan op in reinige moandeitemoarn der allegear úthelle wurde.
Ik moat er net oantinke en ik soe jim freegje wolle: wês wach, sjogge jim minsken mei stokken oan it mjitten by it kompleks, doch my berjocht.
Ik kom der gelyk oan, mei 2004 fan myn seefûgelfreonen en wy sille se merke litte dat mei seefûgels net te spotten falt.

# Oan it wurd



**Evert Tanja**

*By it sykjen fan kandidaten foar dizze rubryk wie al in pear kear de namme Evert Tanja fallen. Want it is krekt at hy al jierren lid is wylst dat net sa is. Tiid om Evert efkes oan it wurd te litten oer syn eigenskip: sels de leie graach yn hannen ha wolle.*

**Evert, it liket al bist al hiel lang lid mar dat is dochs net sa wol?**

Dit wurdt myn tredde jier. Hiel koart dus.

**Hoe komsto by it fuotbaljen telâne?**

Och ik hie net folle mei fuotbal. Ik haw earder yn Wommels wolris wat mei skopt mei de jonges mar ik haw net oanstriid hân om lid te wurden. Keatse wie foar my wichtich ek al omdat ik yn de ôfdielingspartoeren siet.
Ik woe der graach wat by heare doe't ik mei Dieuwke yn Easterein kaam te wenjen en omdat buorman Bert Rienstra in kear oanjoech dat er temin wiene en dat ik mooglik talint hie, bin ik lid wurden.

**Hast talint?**
Absoluut net. Mar ik fyn it gewoan hartstikke leuk en der is in protte ôfwikseling, moat ik sizze.

**Dat kin ik my foarstelle, want do hast yn koarte tiid al hiel wat posysjes beset.**

Ja, ik bin maklik, no ju. Earst setten se my foar, dan hiene se net tefolle lêst fan my, mar doe't Ozzy der net altiten mear wie, naam ik krekt sa leaf it plak yn it doel oer. Want ja ien moat it dochs dwaan.

**En sa bist ek lieder wurden?**

Roel Sijbesma hat my dêr foar frege en ik haw net lang neitocht. Ik mei graach de boel wat regelje en dat kin op dizze wize hielendal.
Ik wol der wol by sizze dat ik ek graach wat werom dwaan wol foar oaren, want yn de tiid dat ik keatste fleach bygelyks in Anne Brouwer de hiele profinsje troch mei ús. Doe fûnen je dat gewoan mar ik haw der wol in protte wurdearring foar ek al omdat myn âlders net folle belangstelling foar myn sport hiene, lit stean dat se meigiene.

**Wat wie dyn earste wedstriid?**

Dat wie thús tsjin Rood Geel. Dy wedstriid wûnen wy mei 3-2.

**As doelman ek al hichtepunten?**

Ja, ik haw twa kear in strafskop keard. En dat jout wol in kick, In doelpunt meitsje is oars ek net ferkeard.

**Is lieder wêze fan SDS 4 dreech.**

Och dat is mar hoe't je it besjogge. Ik doch it mei Bas van der Wey en hoewol de resultaten tsjinfalle, besykje ik wol altyd posityf te bliuwen. Wy dogge ús best meielkoar, mar kinne gewoan net better.

**Moat it oars by SDS 4.**

No, dat soe wol goedwêze. In pear bettere fuotballers derby, dat stimuleart de oaren ek. En net te gau ôfsizze want dat sjit ek net op.

**Dit jier gjin kampioen dus?**

Nee, mar dat wie ek opset. Der binne wat alvetallen dy jaaie it bestjoer aansens aardich op kosten mei al dy feestjes en blommen, dus moatte wy dat mar net dwaan. Wy wolle ek net te ticht yn de buert fan it earste plak komme want je witte mar nea.

**Soms sjoch ik dy net keepen of fuotbaljen mar fluitsjen.**

Ja, jildt it selde foar. Der moat ien mei in fluit omrinne en at it dan net oars kin dan doch ik it gewoan. Ik kin best in berop dwaan op Sjoerd, Enne of Anne Brouwer, dat is prima mar soms slagget dat net.

**Fluitsje is leuk?**
Ik moat earlik sizze, it falt my net ôf. En it past wer by myn karakter: de laaie sels yn de hannen hawwe.

**De Treffer wurdt de lêste tiid ek opsierd mei leuke stikjes fan dy oer SDS 4. Talint?**

Dat fyn ik leuk om te dwaan. Wat humor der by leit my wol en ik betink it út de losse pols.

**Silst hast ek op typles.**

Nee, dat is net it doel. Wy bliuwe it op dizze wize dwaan. Ik betink it, Dieuwke kin moai skriuwe en set it op papier, wy bringe it by dy en do meist it úttype.

**Wommels of Easterein**
Makket my neat út. Ik bin maklik no ju.

**Strate of taksiride?**
Strate!

**Keatse of fuotbalje**
Fuotbalje

**Hast ek in stjerreploech fan SDS?**
Fansels, de boys fan SDS 4. Hast alle posysjes binne dûbel beset dus hoech ik gjin kar te meitsjen. (ah)

# Evert syn stjerreploech

| | | | |
|---|---|---|---|
| | Evert/Geert | | |
| Bert/Jan | Pieter/Bas | Rudy | Tsjalling/Ivo |
| Klaas/René | Wilco/Trienus | | Pieter Lieuwe |
| Jeroen | Bas | Frans Pieter | Rinse |

# Standanden (en yndelingen) per 20 febrewaris 2004

## SDS 1 - 3e Klasse B

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| **1SDS 1** | **13** | **31** | **36 -** | **15** |
| 2Be Quick D 1 | 13 | 28 | 23 - | 13 |
| 3Buitenpost 1 | 13 | 25 | 30 - | 13 |
| 4Oostergo 1 | 12 | 22 | 24- | 14 |
| 5Wykels Hallum 1 | 13 | 20 | 33 - | 33 |
| 6Bolswardia 1 | 13 | 19 | 22 - | 17 |
| 7Anjum 1 | 13 | 16 | 23 - | 31 |
| 8Sweach De 1 | 13 | 13 | 15 - | 22 |
| 9Rottevalle 1 | 12 | 11 | 16 - | 27 |
| 10Makkum 1 | 13 | 11 | 22 - | 34 |
| 11Ouwe Syl 1 | 12 | 9 | 18 - | 25 |
| 12WTOC 1 | 12 | 7 | 13 - | 31 |

## SDS 2 - 2e Klasse

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| **1SDS 2** | **12** | **28** | **25 -** | **8** |
| 2Olde Veste'54 d' 2 | 13 | 28 | 24 - | 13 |
| 3Heerenveense Boys 3 | 14 | 21 | 22 - | 24 |
| 4Balk 2 | 13 | 20 | 21 - | 14 |
| 5Nijland 2 | 12 | 19 | 17- | 23 |
| 6Workum 2 | 12 | 18 | 27 - | 19 |
| 7CVVO 2 | 14 | 18 | 27 - | 20 |
| 8DESZ 2 | 13 | 17 | 19 - | 21 |
| 9Flevo Boys 3 | 11 | 13 | 18 - | 23 |
| 10Bolswardia 2 | 13 | 13 | 19 - | 29 |
| 11Makkum 2 | 13 | 12 | 13 - | 25 |
| 12Oeverzwaluwen 2 | 12 | 8 | 14 - | 27 |

## SDS 3 - 4e Klasse

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1Mulier 2 | 10 | 24 | 27 - | 13 |
| 2Foarut 2 | 11 | 22 | 18 - | 13 |
| 3Franeker SC 3 | 10 | 20 | 25 - | 10 |
| 4Flamingo SC 2 | 11 | 20 | 33 - | 25 |
| **5SDS 3** | **10** | **15** | **18 -** | **16** |
| 6WWS 2 | 11 | 14 | 23 - | 23 |
| 7Blauw Wit '34 5 | 11 | 14 | 15 - | 20 |
| 8Berlikum SC 2 | 11 | 12 | 23 - | 23 |
| 9AVC 3 | 10 | 10 | 22 - | 26 |
| 10Rood Geel 2 | 10 | 6 | 14 - | 20 |
| 11Leeuwarder Zwaluwen 6 | 11 | 6 | 19 - | 48 |

## SDS 4 - 6e Klasse

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1Zeerobben 4 | 9 | 24 | 44 - | 22 |
| 2Nijland 3 | 10 | 24 | 45 - | 13 |
| 3Minnertsga 3 | 11 | 23 | 47 - | 20 |
| 4Bolswardia 5 | 10 | 20 | 40 - | 23 |
| 5Tzummarum 2 | 10 | 18 | 31- | 17 |
| 6Franeker SC 5 | 10 | 13 | 17- | 24 |
| 7RES 2 | 10 | 12 | 24 - | 41 |
| 8Waterpoort Boys 3 | 911* | | 25 - | 49 |
| **9SDS 4** | **11** | **10** | **27 -** | **40** |
| 10Leeuwarder Zwaluwen 12 | 10 | 6 | 27 - | 50 |
| 11Berlikum SC 4 | 10 | 0 | 11 - | 39 |

## SDS 5 - 6e Klasse

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| **1SDS 5** | **9** | **24** | **48 -** | **11** |
| 2Blija 3 | 11 | 22 | 47 - | 24 |
| 3Rijperkerk 3 | 10 | 20 | 28- | 20 |
| 4BCV 6 | 11 | 18 | 29- | 21 |
| 5Noordbergum 3 | 9 | 16 | 25 - | 12 |
| 6Franeker SC 6 | 11 | 14 | 29 - | 22 |
| 7Ouwe Syl 3 | 8 | 13 | 27 - | 26 |
| 8Veenwouden SC 4 | 11 | 12 | 27 - | 41 |
| 9Trynwaldster Boys 3 | 11 | 10 | 21 - | 47 |
| 10Rottevalle 4 | 10 | 6 | 18 - | 35 |
| 11Suawoude 2 | 91* | | 12 - | 52 |

## SDS A1 - Hoofdklasse B

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1Leeuwarden A1 | 13 | 30 | 37 - | 17 |
| 2LSC 1890 A1 | 12 | 26 | 42 - | 16 |
| 3Frisia A1 | 12 | 24 | 24 - | 23 |
| 4Rood Geel A1 | 14 | 22 | 27 - | 24 |
| 5Joure SC A1 | 13 | 21 | 32 - | 20 |
| 6DIO Oosterwolde A1 | 1319* | | 32 - | 22 |
| 7Wolvega FC A1 | 13 | 19 | 28 - | 25 |
| 8Drachten A1 | 14 | 17 | 21 - | 35 |
| 9Zeerobben A1 | 13 | 11 | 30 - | 51 |
| 10BCV A1 | 14 | 10 | 16 - | 36 |
| **11SDS A1** | **138*** | | **18 -** | **24** |
| 12Hardegarijp A1 | 12 | 6 | 13 - | 27 |

## SDS B1 - 1e Klasse G

| | | | | | |
|---|---|---|---|---|---|
| 1 | RES B1 | 11 | 27 | 47 - | 16 |
| 2 | WZS B1 | 11 | 25 | 44 - | 21 |
| 3 | Bolswardia B1 | 11 | 24 | 49 - | 19 |
| 4 | Sneek B1 | 12 | 24 | 44 - | 19 |
| **5** | **SDS B1** | **12** | **23** | **39-** | **20** |
| 6 | Balk B1 | 10 | 16 | 35- | 23 |
| 7 | ONS Sneek B2 | 11 | 15 | 25 - | 20 |
| 8 | Robur B1 | 12 | 12 | 26 - | 54 |
| 9 | Makkum B1 | 12 | 10 | 21 - | 36 |
| 10 | Zeerobben B1 | 11 | 6 | 20 - | 53 |
| 11 | Scharnegoutum'70 B1 | 11 | 0 | 11 - | 80 |
| 12 | 0 | 0 | 0 | 0 - | 0 |

## SDS C1 - 1e Klasse I

| | | | | | |
|---|---|---|---|---|---|
| 1 | Wolvega FC C1 | 11 | 31 | 56 - | 7 |
| 2 | Sneek C1 | 11 | 23 | 23 - | 14 |
| 3 | Gorredijk C1 | 11 | 20 | 37 - | 24 |
| 4 | Heerenveense Boys C1 | 11 | 19 | 39 - | 24 |
| 5 | GAVC C1 | 11 | 18 | 49 - | 28 |
| 6 | ONS Sneek C1 | 10 | 17 | 26 - | 20 |
| 7 | Urk C2 | 11 | 17 | 36 - | 29 |
| 8 | Steenwijk/Time Out S C1 | 11 | 15 | 48 - | 34 |
| 9 | Bolswardia C1 | 11 | 11 | 23 - | 25 |
| 10 | Rouveen SC C1 | 10 | 10 | 20 - | 37 |
| 11 | Balk C1 | 11 | 6 | 28 - | 59 |
| **12** | **SDS C1** | **11** | **0** | **4 -** | **88** |

## SDS B2 - 2e Klasse

| | | | | | |
|---|---|---|---|---|---|
| 1 | Workum B1 | 10 | 30 | 70 - | 9 |
| 2 | Stormvogels'64 B1 | 10 | 25 | 48 - | 24 |
| 3 | Sneek B2 | 10 | 24 | 61 - | 14 |
| 4 | IJVC B1 | 10 | 22 | 60 - | 21 |
| 5 | RES B2 | 10 | 14 | 29- | 32 |
| **6** | **SDS B2** | **10** | **13** | **14-** | **18** |
| 7 | ONS Sneek B3 | 10 | 7 | 13 - | 47 |
| 8 | Joure SC B4 | 10 | 6 | 27 - | 74 |
| 9 | LSC 1890 B3 | 9 | 5 | 21 - | 41 |
| 10 | Bolswardia B2 | 10 | 5 | 22 - | 51 |
| 11 | Tzum B1 | 9 | 4 | 13 - | 47 |

## SDS C2 - 3e Klasse

| | | | | | |
|---|---|---|---|---|---|
| **1** | **SDS C2** | **0** | **0** | **0 -** | **0** |
| 2 | Frisia C3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 3 | Buitenpost C3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 4 | Drachtster Boys C7 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 5 | Annaparochie St. C2 | 0 | 0 | 0 - | 0 |

## SDS D1 - 2e Klasse

| | | | | | |
|---|---|---|---|---|---|
| 1 | NOK D1 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| **2** | **SDS D1** | **0** | **0** | **0 -** | **0** |
| 3 | Heeg D1 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 4 | Olyphia D1 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 5 | Oudehaske D1 | 0 | 0 | 0- | 0 |
| 6 | Read Swart D1 | 0 | 0 | 0- | 0 |

## SDS D2 - 2e Klasse

| | | | | | |
|---|---|---|---|---|---|
| **1** | **SDS D2** | **0** | **0** | **0-** | **0** |
| 2 | GAVC D3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 3 | Frisia D4 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 4 | Stiens D3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 5 | Geel Wit D2 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 6 | Rood Geel D4 | 0 | 0 | 0 - | 0 |

## SDS D3 - 3e Klasse

| | | | | | |
|---|---|---|---|---|---|
| 1 | AVC D2 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 2 | AVV D1 | 0 | 0 | 0- | 0 |
| **3** | **SDS D3** | **0** | **0** | **0-** | **0** |
| 4 | Arum D1 | 0 | 0 | 0- | 0 |
| 5 | Tzum D1 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 6 | | | | | |

## SDS E1 - 1e Klasse

| | | | | | |
|---|---|---|---|---|---|
| **1** | **SDS E1** | **0** | **0** | **0 -** | **0** |
| 2 | WZS E1 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 3 | Sneek E2 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 4 | Joure SC E3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 5 | LSC 1890 E2 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 6 | ONS Sneek E2 | 0 | 0 | 0 - | 0 |

## SDS E2 - 2e Klasse

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| **1SDS E2** | **0** | **0** | **0 -** | **0** |
| 2Sneek E3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 3Frisia E3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 4LSC 1890 E4 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 5Zeerobben E3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 6Franeker SC E3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |

## SDS E3 - 3e Klasse

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1FVC E3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| **2SDS E3** | **0** | **0** | **0 -** | **0** |
| 3Frisia E5 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 4Workum E3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 5Rood Geel E6 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 6Oosterlittens E3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |

## SDS E4 - 3e Klasse

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1QVC E3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| **2SDS E4** | **0** | **0** | **0 -** | **0** |
| 3Sleat E2 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 4Workum E4 | 0 | 0 | 0- | 0 |
| 5Blauwhuis E2 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 6Lemmer Bentex E2 | 0 | 0 | 0 - | 0 |

## SDS F1 - 3e Klasse BT

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| **1SDS F1** | **0** | **0** | **0 -** | **0** |
| 2WWS F1 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 3Akkrum F1 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 4Bergum F1 | 0 | 0 | 0- | 0 |
| 5Zwaagwesteinde F1 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 6Kootstertille SC F1 | 0 | 0 | 0 - | 0 |

## SDS F2 - 3e Klasse BV

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| **1SDS F2** | **0** | **0** | **0 -** | **0** |
| 2Balk F3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 3Renado F3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 4Joure SC F5 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 5Black Boys F1 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 6Scharnegoutum'70 F2 | 0 | 0 | 0 - | 0 |

## SDS F3 - 4e Klasse AQ

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| **1SDS F3** | **0** | **0** | **0 -** | **0** |
| 2Frisia F5 | 0 | 0 | 0- | 0 |
| 3Frisia F6 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 4Bolswardia F3 | 0 | 0 | 0- | 0 |
| 5JV Cammingha F2 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 6Oosterlittens F2 | 0 | 0 | 0 - | 0 |

## SDS F4 - 4e Klasse EI

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1AVC F3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 2**SDS F4** | **0** | **0** | **0 -** | **0** |
| 3Arum F3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 4Dronrijp F4 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 5Dronrijp F5 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| | 0 | 0 | 0- | 0 |

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1RES F3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 2**SDS F5** | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 3Makkum F3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 4Mulier F2 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 5Bolswardia F4 | 0 | 0 | 0 - | 0 |
| 6Oosterlittens F3 | 0 | 0 | 0 - | 0 |

# Ut de âlde doaze



Soms komt er in foto boppe wetter, dy’t wol in hiel aardich stel jonges sjen lit. Doe jong, mar no meast de 50 of 60 al passeard. De kleurenfoto jout oan dat de sjurtsjes doe oranje wiene.
Wy herkenne:
Jan van Asselt, Tinus Hoekstra, Geert Hiemstra, Freark Smink, Tsjerk Okkema, Meinte Sixma (lieder) en Durk Ypma op de boppeste rige.
Op hurken sjogge je Theo Janssen (trainer), Jan de Boer, Siepie Visser, Theo Jelsma en Pyt de Jong.
De foto sil makke wêze yn de buert fan 1970-1971.
Neffens Tinus Hoekstra en Geert Hiemstra hat der fêst in bepaalde gelegenhei west om mei dit alvetal te fuotbaljen, want Theo Janssen, de trainer dy’t no noch yn Molkwar wennet, like him hjir sels op steld te hawwen.
Fan de spilers is de jongste fan doe Pyt de Jong no noch fuotbaljend lid.
Hiel aardich is fansels ek dat Meinte Sixma der noch op stiet. Nei de ûnderwilens ferstoarne Sixma is in jeugdtournooi neamd.
Tinus Hoekstra , Geert Hiemstra en Theo Jelsma hawwe no nochien of mear fuotbaljende soannen by SDS 4.
Jan van Asselt wie doe de jonge oanfierder en is no lieder fan SDS 2.
(ah)

# “F-pupillen SDS domineren op Greidhoeke tournooi”

*SDS F1 en F2 leggen beslag op eerste en tweede plaats*







De spanning zat hem in de onderlinge confrontatie want de teams van Nijland en Easterlittens hadden geen schijn van kans tegen de spelers van SDS F1 en F2. Tegen elkaar speelden ze gelijk en het onderlinge doelsaldo week ook nauwelijks van elkaar af. Toen SDS F2 in hun laatste wedstrijd een klein misstapje maakten door gelijk te spelen tegen Easterlittens F1, kon SDS F1 de kampioensvlag hijsen. Bijgaand de foto’s van beide teams.

# Uitslagen en eindstand D-pupillen

Klasse A

| | | | |
|---|---|---|---|
| SDS D11 | - | SDS D12 | 3 – 0 |
| SDS D12 | - | Oosterlittens | 0 – 0 |
| SDS D11 | - | Oosterlittens | 1 – 3 |
| SDS D11 | - | SDS D12 | 1 – 0 |
| Nijland D11 | - | Oosterlittens | 0 – 0 |
| SDS D11 | - | Nijland D11 | 0 – 1 |
| SDS D12 | - | Oosterlittens | 3 – 0 |
| SDS D11 | - | Oosterlittens | 3 – 0 |
| SDS D12 | - | Nijland D11 | 4 – 1 |

<u>Eindstand:</u>

| | |
|---|---|
| 1 SDS D11 | 9 |
| 2 SDS D12 | 7 |
| 3 Oosterlittens D11 | 5 |
| 4 Nijland D11 | 4 |

---

Klasse B

| | | | |
|---|---|---|---|
| SDS D13 | - | Nijland D12 | 5 – 1 |
| Oosterlittens D12 | - | Oosterlittens D13 | 1 – 1 |
| SDS D13 | - | Oosterlittens D12 | 4 – 1 |
| Nijland D12 | - | Oosterlittens D13 | 3 – 0 |
| SDS D13 | - | Oosterlittens D13 | 6 – 0 |
| Nijland D12 | - | Oosterlittens D12 | 1 – 0 |
| SDS D13 | - | Nijland D12 | 2 – 2 |
| Oosterlittens D12 | - | Oosterlittens D13 | 1 – 0 |
| SDS D13 | - | Oosterlittens D12 | 2 – 2 |
| Nijland D12 | - | Oosterlittens D13 | 0 – 0 |
| SDS D13 | - | Oosterlittens D13 | 1 – 1 |
| Nijland D12 | - | Oosterlittens D12 | 2 – 6 |

<u>Eindstand:</u>

| | | |
|---|---|---|
| 1 SDS D13 | 12 | |
| 2 Oosterlittens D12 | 8 | (+1) |
| 3 Nijland D12 | 8 | (-4) |
| 4 Oosterlittens D13 | 3 | |

Klasse C

| | | | |
|---|---|---|---|
| SDS D14 | - | SDS D15 | 0 – 1 |
| SDS D15 | - | Oosterlittens D14 | 1 – 1 |
| SDS D14 | - | Oosterlittens D14 | 0 – 2 |
| SDS D14 | - | SDS D15 | 0 – 0 |
| Nijland D13 | - | Oosterlittens D14 | 1 – 0 |
| SDS D14 | - | Nijland D13 | 0 – 0 |
| SDS D15 | - | Oosterlittens D14 | 1 – 0 |
| SDS D14 | - | Oosterlittens D14 | 3 – 1 |
| SDS D15 | - | Nijland D13 | 0 – 1 |

Eindstand:

| | |
|---|---|
| 1 SDS D15 | 8 |
| 2 Nijland D13 | 7 |
| 3 SDS D14 | 5 |
| 4 Oosterlittens D14 | 4 |

---

# Uitslagen en eindstand E-pupillen

Klasse A

| | | | |
|---|---|---|---|
| SDS E11 | - | SDS E12 | 2 – 0 |
| Oosterlittens | - | Nijland | 1 – 0 |
| SDS E11 | - | Oosterlittens | 3 – 0 |
| SDS E12 | - | Nijland | 1 – 2 |
| SDS E11 | - | Nijland | 5 – 0 |
| SDS E12 | - | Oosterlittens | 1 – 1 |
| SDS E11 | - | SDS E12 | 3 - 2 |
| SDS E11 | - | Oosterlittens E11 | 2 - 0 |
| SDS E12 | - | Oosterlittens E11 | 0 – 1 |
| SDS E11 | - | SDS E12 | 1 – 1 |
| SDS E11 | - | Oosterlittens E11 | 3 – 1 |
| SDS E12 | - | Oosterlittens E11 | 0 - 3 |

Eindstand:

| | |
|---|---|
| 1 SDS E11 | 19 |
| 2 Oosterlittens | 10 |
| 3 Nijland | 3 |
| 4 SDS E12 | 2 |

Klasse B

| | | | |
|---|---|---|---|
| SDS E13 | - | Oosterlittens E12 | 0 – 4 |
| Oosterlittens E13 | - | Nijland E12 | 1 - 1 |
| SDS E13 | - | Oosterlittens E13 | 1 – 2 |
| Oosterlittens E12 | - | Nijland E12 | 3 – 0 |
| SDS E13 | - | Nijland E12 | 0 – 1 |
| Oosterlittens E12 | - | Oosterlittens E13 | 7 – 0 |
| SDS E13 | - | Oosterlittens E12 | 1 – 3 |
| SDS E13 | - | Oosterlittens E13 | 1 – 0 |
| Oosterlittens E12 | - | Oosterlittens E13 | 5 – 0 |
| SDS E13 | - | Oosterlittens E12 | 0 – 1 |
| SDS E13 | - | Oosterlittens E13 | 2 – 2 |
| Oosterlittens E12 | - | Oosterlittens E13 | 4 – 0 |

Eindstand:

| | |
|---|---|
| 1 Oosterlittens E12 | 21 |
| 2 Oosterlittens E13 | 4 |
| 3 Nijland E12 | 4 |
| 4 SDS E13 | 4 |

---

Klasse C

| | | | |
|---|---|---|---|
| SDS E14 | - | SDS E15 | 1 - 2 |
| Oosterlittens E14 | - | Oosterlittens E15 | 2 – 0 |
| SDS E14 | - | Oosterlittens E14 | 2 – 3 |
| SDS E15 | - | Oosterlittens E15 | 1 – 2 |
| SDS E14 | - | Oosterlittens E15 | 3 – 1 |
| SDS E15 | - | Oosterlittens E14 | 1 – 0 |
| SDS E14 | - | SDS E15 | 1 - 0 |
| Oosterlittens E14 | - | Oosterlittens E15 | 0 – 0 |
| SDS E14 | - | Oosterlittens E14 | 2 – 1 |
| SDS E15 | - | Oosterlittens E15 | 1 – 1 |
| SDS E14 | - | Oosterlittens E15 | 2 – 0 |
| SDS E15 | - | Oosterlittens E14 | 0 – 1 |

Eindstand:

| | |
|---|---|
| 1 SDS E14 | 12 |
| 2 Oosterlittens E14 | 10 |
| 3 SDS E15 | 7 |
| 4 Oosterlittens E15 | 5 |

# “Vrienden van SDS F1 verrassen vriend en vijand”

*(bron: sportbylage fan de tillegraaf van moandei 23 febrewaris)*

It idee wie ûntstean op in jûnstje fan de feestkommisje Wommels.
Sa as op ‘e measte feestjûntsjes, as it wat letter op ‘e jûn wurdt en der ûnderwilens de nedige alkoholyske konsumpsjes ynnommen binne, gean de remmen wat los.
Dan wurde jo wolris wat oermoedich en begjinne jo wolris wat tsjin elkoar op te skeppen.
Sa ek de lieders fan SDS E4 en SDS F1 dy’t ûnder de feestgenoaten oanwêzich wienen. Beide partijen wienen perfoarst fan miening dat hja in sterker team hienen dan de oaren. De mannen besletten it dy jûn net by wurden te litten. Der waard in datum prikt werop de teams tsjin elkoar spylje soenen. Deselde jûn bean Harm Abma oan de wedstriidbal te sponsorjen. De inisjatyfnimmers praten ûnder elkoar ôf dat it winnende team yn it besit komme soe fan de wedstriidbal.

Op 21 febrewaris wie it safier. It wie Kâld, it fjild wie hurd en in wetterich sintsje skynde oer it fjild. Efter de goal oan ‘e kant fan de kantine stienen in protte âlders en






oan de sydkant fan it fjild wienen twa business-seats pleats foar de sponsor.
Cameraman Kappe hie ‘em opsteld op in strategyske posysje. Skiedsrjochter Vink wie spesjaal foar dizze wedstriid frege omdat hy in protte ûnderfining hat mei wedstriiden wer’t grutte belangen op it spul stean.

Neffens fuotbalkenners lâns de line wie SDS F1 dúdlik de ûnderhûn. Hja soenen it wolris aardich dreech krije kinne tsjin de fysiek folle sterkere spilers fan E4.
Coach Dooper wie bliid mei dizze rol. Dooper: “it komt my wol goed út dat de druk by it oare team leit”



Wylst de’r in teamfoto makke wurdt fan de spilers fan SDS E4, binne de spilers fan SDS F1 dwaande mei de warming-up.



# De wedstriid

Mei prachtich kombinaasjespul en skitterende yndividuele aksjes oerklasten de



mantsjes fan F1de fysiek folle sterkere spilers fan SDS E4. Rêststân 4-1 werby der ek noch in súver doelpunt ôfkard waard. Nei de rêst sette Coach Bertus vd Veen fan E4 (op adfys fan technysk direkteur Willem Tjalsma) in ekstra spiler yn. Hja koenen fan de man mear-sitewaasje lykwols net profitearje. Sterker noch, . de bêste kânsen wienen ek yn de twadde helte foar SDS F1.
De goal dy't E4 yn de slotminuten makke wie allinne noch mar foar de statistyk. Einstân: 2-4.

Coach Bertus vd Veen (foto) wie bot teloarsteld nei de kânsleaze nederlaag tsjin ûnderhûn SDS F1.
Foarôf rekkene der op in 7-3 oerwinning. Mar it pakte oars út.

Nei it fuotbalspektakel waard yn de kantine de wedstriidbal oanbean oan de lieders en spilers fan SDS F1.
Alle spilers koenen yn de kantine ûnder it genot fan in patatsje of in frikandel de wedstriid op 'e tillevysje noch efkes weromsjen. Mei tank oan Cornelis Kappe dy't alle op video opnommen hat.







# Trefferkes

## Wetter

Tjeerd Dijkstra wurket by Vitens. Dat hat bepaalde foardielen hawwe wy wol ris begrepen.  Sa hat hy it wetter fergees, giet hy sûnder tsjinsin mei it wetter foar de dokter en neffens ûnbetroubere bronnen riidt syn auto op wetterstof. Yn dizze tiid dat it reinwetter foar master opslacht is Tjeerd dan ek net depressyf. Op sneonte moarn lykwols at it fjild keurd wurde moat nei wer in wike reinwetter dan wit hy it ek net altiten. Gelokkich hat er goeie kontakten mei immen dy’t it ek altiten oer wetter hat. Pyt Paulusma. Tjeerd twivelt op 7 febrewaris oer it wol of net troch gean fan de wedstriden yn Easterein en hy skillet Pyt. Op basis fan dat tillefoantsje waard gie it dus net troch.

## Ferfeling slacht ta.

Ofrûne tongersdeitejûn sloech de ferfeling ta yn de kantine fan SDS. Dêr moast wat oan dien wurde. Om wat libben, mar gjin knokkerij, yn de brouwerij te kijen, waard der ropt om in dartboerd. Soks kin hiel hurd. Robert wiisde it plak oan, Anne mjitte de boel út en Durk Yde mocht syn dartboerd ophelje. Noch gjin kertier letter wie der in echte dartwedstriid geande. Oer rellen hawwe wy neat fernommen dus geane wy der fanút dat dit in ferfolch krije sil.

## Wêr fisket Samme?

Yn de Treffer fan desimber die Samme Overal (dy fan dy mâle snoek) út de doeken wat syn favoryte stekkie wie om te fiskjen. Foar him wie dit de Kleasterfeart. Dit is neffens him in moaie brede sleat mei in lege wal en wat bochtig. Dizze wike hawwe de kamera's fan SDS Samme hiel ergens oars betrape. En it kloppe, ek hjir wie




it bochtig en eins hielendal gjin wal. De sleat wie net al te breed.

## Nije sponsor

It 1e sealteam fan SDS kriget op 'e nij in nije sponsor. Inkelde jierren werom begienen sy mei "Rabobank Oosterend e.o." op de shirts. Nei in reorginisaasje by de Rabobank krige SDS 1 twa jier ferlyn "Rabobank Bolsward e.o." op de shirtsjes te stean. It sil no wer feroare wurde. De lieding fan de Rabobank seach op Omrop Fryslân inkelde wiken werom dat SDS 1 de Midwintercup yn it FEC wûn. Neffens hun yn de ferkearde shirtsjes, want op it heden moat it wêze; Rabobank Sneek e.o.

## Walt Disney –gefluit

Geert Hiemstra wie in belangstellende taskôger by de Sweach – SDS. Sa’t elkenien wit hat Geert útsprutsen mieningen. Seker at it giet om de skiedsrjochter. Oer it ginneraal binne

dat net echte freonen fan him. By al wer fermiend ferkeard fluitsjen rôp Geert: Hee, skeids, no mar ris ophâlde mei dat Walt Disney gefluit.
Nimmen wit wat dat is, en by neifraach wist Geert it sels ek net. It klonk wol leuk yn alle gefallen.

## Valentijnsdei

Op 14 febrewaris is it Valantijnsdei. In dei wêrop de jeugd moarnier al de brievenbus leech helje wol en de mailboks iepenje om te sjen wat se allegear wol net krigen hawwe.
Gerlof Veldstra hie twa wiken dêrfoar te hearren krigen dat er op Valentijnsdei fuotballe wurde moast tsjin Foarút. Hy wennet yn Wommels yn plan Walpert en as in heuse "lieder"ynformearre hy noch in oantal jonges yn dy buert. Jeroen en Ronny Wagenaar en Gerard Posthumus krigen ek te hearen dat se om 12.45 fuort giene.
Sa stiene dizze 4 jonge hearen om 13.15 noch te wachtsjen yn Easterein, want mooglik wie it net kertier foar ienen mar kertier oer ienen. Tsjin healwei 2 oere binne se wer ôfsetten nei hûs. Der wie gjin wedstriid.

## Sitplak.

Yn Easterein binne der foar in stik as wat âldere supporters fan SDS in twatal banken delsetten. Sa sitte sy earste rang. Minne Zijlstra en Oebele de Boer geane ek altiten nei útwedstriden ta en dêr moatte se meast dy 90 minuten sjen fol te hâlden tsjin it stek oan. Troch omstannigheden mei it haadfjild fan de Sweach net brûkt wurde en is der yn alle hasten in needstek om it by fjild makke.
Ienfâldige pealtsjes mei in read tou soarge der foar dat de supporters it fjild net samar opdrave. Neat mis mei fansels en seker net at SDS op besite komt.
Foar de twa fêste supporters dy't muoite hawwe mei stean wie dit fansels in ramp. Mar troch harren jierrenlange routine wisten se ek hjir in oplossing foar te betinken. Minne sette de auto op de trainingshoeke del en sa



sieten de beide hearen lekker yn de auto nei it de wedstriid te sjen. En och dan heare je it geskel en it geflok ek net allegear en soms is dat net slim.

## Sjen

Rene Velzen hat besletten syn aktieve fuotbalkarriere stop te setten.
Ik wie wol benijd werom en ha efen by him sjoen.
'Rene, werom stoppest mei fuotbal, seachst it net mear sitten?'
'Ach, je sjogge wolris wat om je hinne en doe foel myn each op in baan die't, sa as it him oansjen lit, wol goede foarutsjochten hat.' 'Do sjochst der wol ljocht yn dus, mar as we no werom sjogge op dyn karriere wat wie dan dyn hichtepunt?' 'Goed besjoen wiene

it eins allegearre hichtepunten, ik mocht graach balje en sjen nei myn maten die't mei my yn it fjild stiene. Ik ha in protte moaie dingen sjoen'. 'Leste fraach; is der kans op in comeback?' Dat wit ik sa noch net, dat moatte we letter mar ris besjen.'

## Griipke
By de sealfuotballers falt der noch wol gauris ien út mei in griipke. At de griip dan net oer gean wol moatte je nei de dokter. Dizze kundige man jout dan oan dat je je goed ynpakke moatte, net te folle bewege, twa wike oansjen en dan maatregels nimme. As sporter is dit net út te hâlden fansels en gean je nei minsken ta die der wat oars oer tinke, de klup fysio, -arts. Advies wie útpakke en nei it fjild om te draven en mei twa wiken bist do wer fit.

## Earste Ljipaai?
Op de webside fan SDS koene jimme lêse dat Jan Stenekes en Gearard van Asselt it earste ljipaai fûn hienen en dat sy ferwachte waarden by de kommisaris fan de Keningine. Fansels wie dit mear in dream as wurklikheid.. Sels de Ljouwerter Krante naam it berjocht dochs serieus. Sjoch mar ris op ynternet op:
**http://www.wommelsopstap.nl/ei/**

## Wer fûn
Yn 'e foariche Treffer die Jos Houtsma in oprop. Hy frege at ien syn moaie nije SDS-sokken ek fûn hie yn 'e sporthal. Wy kinne jimme melde dat Jos lokkich genôch syn sokken werom hat. Binne jimme ek ris wat kwyt dan kinne jimme in oprop yn 'e Treffer of op ynternet plaatse litte. Mail dit dan nei; info@vv-sds.nl of leverje efkes in briifke yn by ien fan de leden fan de Treffer-redaksje.

## Ynternet
Sa at jimme sjen koenen op de webside fan SDS (www.vv-sds.nl) is de side wat oanpast. Graach heare wy fan jimme wat jimme der fan fine en wat jimme eventueel noch misse. Mail dit nei: info@vv-sds.nl .




Hjir de "nije"- SDS-side

## Antwoorden scheidsrechterkenniskwis
Uitslag: 1: b 2: b 3: b 4: a 5: d

## SDS-League
Dit kear gjin stân fan de SDS-League yn 'e Treffer. ôfrûne wykein (21/22 febrewaris) gie de nije SDS-League fan start. Krekt te let foar de Treffer. Wy kinne wol alfêst sizze dat der 96 dielnimers meidogge. De SDS League sil 13 wiken rinne. Dan is de kompetysje ôfrûn. Wy binne benijd wa at der dizze kear yn de prizen fâlle sille.

# Aginda

| Wat | Wêr | Wannear |
|---|---|---|
| SDS 1- Oostergo 1<br>Kompetysje | Easterein | 28 febrewaris 14.30 oere |
| SDS 1 – Renado 1<br>Futsal | Easterein | 3 maart 21.00 oere |
| SDS2 – Blauw-Wit ’34 2<br>Beker | Easterein | 6 maart 14.30 oere |
| Urk – SDS<br>Futsal | Op Urk | 10 maart 20.30 oere |
| Wykels Hallum 1 – SDS 1<br>Kompetysje | Hallum | 13 maart 14.30 oere |
| SDS 1 – ZVVS 1<br>Futsal | Easterein | 17 maart 21.00 oere |
| Ynhel- en bekerprogramma | | 20 maart |
| Kopydatum Treffer | Redaksje | 22 maart 20.00 oere |
| Gearkomste Treffer-<br>redaksje | Kantine Skoalleseize | 25 maart 21.00 oere |



Dizze tinte kin it om my wol dwaan!